

In skûlplak (1)

Taspraak op snein 1 maaie ta gelegenheid fan in tsjerketsjinst fan de gemeente Westerwert yn de tiid dat it toanielstik 'Skûlje yn Jorwert' yn 'e Jorwerter tsjerke spilet en yn de wike fan deadebetinking en befrijingsdei 2016.

De 'Gang van de dienst' en de toespraak fan ds. Bas van Gelder van de Bevrijdingsdienst op 19 april 1945 binne bewarre bleaun. Wy hawwe foar in part de lêzingen en lieten brûkt fan dy tsjinst. Ek de taspraak is yn twa dielen, krekt as doe. De 'Gang door de dienst' fan 19 april 1945 en de 'Oarder fan de tsjinst' fan 1 maaie 2016 fine jo ûnder de ûndersteande taspraak.

Lêzingen: Psalm 46 en Leviticus 26: 9-13

Bêste minsken,

Op tongersdei 19 april 1945 waard hjir op dit plak de 'bevrijdingsdienst' hâlden, trije dagen nei de befrijing fan Fryslân op 16 april 1945. It moat in hiel spesjaal momint west hawwe foar de bewenners fan Jorwert en foar ds. Bas van Gelder sels. Hy skriuwt hjiroer yn syn 'Nachtboek van een kerkuil':

Vandaag hadden we in een afgestampt volle kerk onze Bevrijdingsdienst. Ik heb daarin een toespraak gehouden over de vlag en de symboliek van de kleuren daarvan. Vooraf heb ik wel lang nagedacht of ik hier niet over de Friese vlag had moeten spreken of althans ook over de Friese vlag. Dat zou minstens zo goed op zijn plaats zijn geweest, maar ik moest kiezen en wilde in ieder geval de Nederlandse vlag niet voorbij laten gaan. Bovendien: ik zou niet weten wat in dit verband te zeggen over de pompeblêden. De tekst van die wat prekerige toespraak is al in druk verschenen (*O schitterende kleuren van Nederlands vlag*. Drukkerij Van Loo, Winterswijk)

Net langer slaven

ds. Van Gelder lêst by dy gelegenheid twa Bibelteksten foar. Opfallend, beide út it Alde Testament. En, ek opfallend, hy giet der yn syn taspraak net op yn. Hy sprekt oer lietteksten, helle gedichten oan, hat it oer de kleuren fan de flagge. Mar hy hat it net oer de Bibelteksten. De earste lêzing is út it boek Leviticus, wy hawwe dêr ek inkelde ferzen fan lêzen. Dy kar hoefde Van Gelder net út te lizzen. Ik tink dat de minsken krekt begrepen hawwe wêrom't hy dizze tekst lêzen hat. In soad útlis of preekjen wie net nedich. Yn de tekst út Leviticus sprekt God wurden fan belofte ta it folk Israel. Jimme wienen slaven; Ik ha jimme út Egypte helle, dat jimme net langer har slaven wêze soenen; De draachstokken fan it jok ha ik brutsen; Ik lit jimme wer rjochtop gean. Dat wienen wurden dy't daliks fan tapassing wienen op it libben fan de minsken yn de dagen nei de befrijing. Van Gelder seit op de earste side fan syn taspraak dizze wurden:

Nu eindelijk, eindelijk na 5 jaren van bitterheid en zuchten, schreien en machteloosheid onder het barbarisme van den gehaten overweldiger, nu na zoveel rechtsverkrachting, gebeul en getyranniseer, voor onze provincie de vrijheid verkregen is, het juk van de slaverij verbroken en versplinterd ligt, en nu de gevreesde onderdrukker een smadelijke aftocht heeft geblazen - nu springt een grote blijdschap in ons op, een vreugde waarvoor geen woorden zijn, een ontroering die ons sprakeloos maakt ...

God is ús in skûle

De wurden fan de twadde lêzing, út Psalm 46, kamen ek rjocht út it hert. God is ús in skûle en ferwar, in help yn need. Dêrom binne wy net bang, al komt de ierde fan it plak, al sinke de bergen wei yn it hert fan de seeën. It lykje wurden fan in held. God is ús skûle, ús kin neat gebeure, wat der ek bart. Ik bin net bang. Ja, sa klinke sokke religieuze teksten faak. Mar wat sit der efter sa'n tekst? Dat binne de gefoelens fan eangst en machteleazens, fan bitterheid en twivel. Fansels hat Van Gelder slim twivele, hy beskriuwt dat kear op kear. En yn it toanielstik 'Skûlje yn Jorwert' wurdt dat treflik ferwurde. Sokke wurden sizze jo net út heldhaftichheid en grutskens, nee sokke wurden komme wei út in fertrouwen tsjin de eangst yn. It is hope tsjin de klippen op, tsjin better witten yn. It binne wurden fan leauwe ek al snapst der neat fan. Van Gelder wie fansels bang west. Mar hy hie in skûlplak yn tsjerke. Hy wurde likegoed wol oppakt en dochs koe hy sizze: God is my in skûle. It is in stiïfkoppichheid: ik akseptearje net dat dit ûnrjocht en dizze ûnfeilichheid it foar it sizzen hat. No net en noait net. God is ús in skûle.

Krekt sa 't dat hjoed de dei soms is: guon fan ús sizze dat we leauwe yn frede en rjocht foar alle minsken op ierde. Dat liket fier fuort en wy freegje ús ôf hoe't it komme moat. Mar wy bliuwe leauwen yn rjocht en frede, en bidde altyd wer om leafde en takomst. Wy sjogge it net, mar wy sykje derom en hoopje derop. God hat wier net de toutsjes yn hannen om dat samar te feroarjen. Nee, God lijt der sels oan, hy lijt mei mei de slachtoffers. God stiet ek machteleas tsjinoer de barbarij. Mar tagelyk sil de leafde fan God in ein meitsje oan de oarloegen, hy sil de bôge en spear stikkenmeitsje, de striidweinen yn fjoer ferbaarne litte. Dat binne de wurden fan Psalm 46. Dat hawwe de geheime koadewurden west yn de oarloch om it fol te hâlden. God makket in ein oan de oarloch. Farao, Nebukadnezar, Herodes: dy stienen symboal foar Hitler. De farao's sille it ferlieze. Yn de Bibelferhalen giet it oer frijheid, befrijing en rjocht! Sokke teksten koe hy op snein lêze as wurden fan ferset. Sa koe hy moed hâlde en moed jaan oan de minsken.

Gesang 301

Fansels liet ds. Van Gelder gesang 301 sjonge oan de ein fan de bevrijdingsdienst. Gesang 301 wie it nûmer fan it 'Wilhelmus' yn it lieteboek fan de Nederlandsche Hervormde Kerk út 1938. It folksliet wie troch de Dútske besetter al lang ferbean. Mar it lieteboek wie net ferbean. Dat joech de dûmny's dy't it oandoarsten de mooglikheid om it folksliet sneins yn tsjerke sjonge te litten. Mar dat noaske de Dútsers mar min. Dat komt prachtich nei foaren yn it toanielstik. Van Gelder komt yn de Blokhuispoort yn Ljouwert fêst te sitten. Hieltyd wer wurdt hy ûnderfrege. En faak giet it oer syn preken en oer it folksliet. En dan wurdt frege: 'Pfarrer, sille jo it folksliet, dat ferbean is, wer sjonge litte yn tsjerke? En dan antwurdet de dûmny: 'nee, it folksliet net. Mar bedoele jo gesang 301? Ja, dat lit ik wol wer sjonge! 'Der ferdampte Pfarrer von Jorwert'!

Fansels wie it doe geweldich om iepenlik it Wilhelmus wer te sjongen. It wie it symboal wurden fan de striid tsjin de Dútsers. Mar hjoed de dei is dat oars. Ik lit it Wilhemus net gau sjonge. Ek yn ús nije Lieteboek stiet it wer, no ûnder nûmer 708. Foar my is it tefolle in liet wurden fan nasjonalisme: 'God, Nederland en Oranje'. Dat wol der by my net yn. Ik ha neat mei eigen folk earst, ek net as it om it Fryske folk giet. Fansels bin ik der grutsk op om Frysk te wêzen. Dêrneist bin ik in ynwenner fan Nederlân en bin ik flak foar ien frij Europa dat rint fan Ierlân oant Turkije, fan

Portugal oant Ruslân. Dus sil ik net gau in folksliet sjonge om myn eigen folk en lân te ferhearlikjen. Mar lit ik wol earlik wêze, as ik it Wilhelmus goed lês, los fan nasjonalistyske emoasje, dan is it krekt in hiel ynternasjonaal liet. It is ek in striidber religieus liet dat giet oer frommens dy't fjochtet tsjin elke foarm fan tyranny. As ik it sá lês, dan kin ik harkje nei it Wilhelmus.

(piano-ymprovisaasje fan Hindrik van der Meer op it 'Wilhelmus')

In skûlplak (2)

Bêste minsken, ds. van Gelder hie in taspraak yn twa dielen. Sa doch ik it hjoed ek. Yn dit twadde part wol ik mear yngean op it betinken fan de oarloch hjoed de dei. Want dêr giet it altyd wer om: wy betinke it ferline yn de situaasje fan hjoed de dei mei it each op de takomst!

Nazi ideology

Los fan alle geweld, de slachtoffers en alle fertriet fan de oarloch, stiet foar my de ideology fan Nazi Dútslân sintraal by it betinken. Yn dy ideology wie der eins allinne plak foar it blanke Germaanske ras. Dy moasten de ierde feroverje en romte hawwe om te libjen (Lebensraum). Al it oare wie ynferieur en minderwaardich. Der wie gjin plak foar alles wat 'oars' wie. Der wie gjin plak foar Joaden mear. It is ferskriklik dat der in systematyk betocht waard om harren út te roegjen. Hoe hurd sokke wurden ek klinke, it wie de wurklikheid fan de oarloch. De namme 'Auschwitz' stiet symboal foar al dy kampen en foar dit systeem fan Shoah, fan ferneatiging. Mar it wienen net allinne de Joaden dy't omkamen yn de oarloch. Yn de kampen kamen ek de Roma en Sinti (sigeuners) om, kommunisten en oare politike tsjinstanners, gehandikapte minsken, 'ynferieure' folken, Jehova tsjûgen, homoseksuele manlju en froulju. Ik wie ferslein doe't ik foar it earst in grutte poster seach mei alle kleuren en symboalen dy't de Nazi's betocht hienen foar de minsken dy't gjin plak hienen yn har systeem: in giele stjer foar joaden, in rôze trijehoek foar homoseksuele minsken, in reade trijehoek foar politike tsjinstanners, in brúne trijehoeke foar de Roma en Sinti, in swarte trijehoek foar gehandikaptten, swaksinnigen en oare 'a-sosjale' eleminten. En dan de kombinearre symboalen en kleuren: want ja, der wienen bygelyks ek homoseksuele Joaden. Dy krigen in rôze trijehoek yn 'e giele stjer.

Foar al dy minsken wie der gjin plak ûnder de Nazi-sinne. Dy ideology joech plak oan bepaalde minsken. Foar oaren wie der gjin plak. Dy ideeën kamen trouwens net samar út 'e himel fallen. Ieuwenlang wienen dy al taret. It kristendom hat hjir ek fan herte oan meidien en hat soks troch de ieuwen hinne ynhâldlik en religieus legitimearre.

In skûlplak

As tsjerke yn Westerwert en as Nijkleaster wolle wy ôfstân nimme fan dat part fan ús ferline. Wy binne ús bewust dat tsjerke en teology nei Auschwitz noait wer wêze kinne as froeger. Bewust wolle wy dan ek besykje tsjerke te wêzen op in nije wize. Net mear as plak tsjinoer oaren, net as plak fan útsluting, net as plak fan better witten, net as plak fan ús opslute yn ús eigen groep. Mar om in plak te kreëarjen foar minsken fan alderhande snit, foar minsken dy't in plak nedich ha om stil te wurden, foar minsken dy't neitinke wolle oer libben, leauwe en spiritualiteit, foar

minsken dy't op azem komme moatte, foar minsken dy't feilichheid sykje yn in ûnfeilige wrâld, foar minsken dy't efkes efter de dyk skûlje wolle tsjin alles dat har libben oerspielt. Mei oare wurden, wy wolle as Westerwert en Nijkleaster plak, in skûlplak, biede. Ek foar minsken dy't it slachtoffer binne fan in maatskippij en in wrâld dy't sa'n soad minsken útslút. Dêrom is de symbolyk fan in dûmny dy't in skûlplak fûn hat yn syn tsjerke sa wichtich foar ús. De wurden 'Skûlje yn Jorwert' geane net allinne oer de oarloch, mar steane foar ús symboal foar de funksje fan tsjerke-wêzen. Dat betsjut dat minsken by ús net hoeve te geloven sa't wy dat besykje te dwaan, mar dat minsken romte krije om har eigen paad te sykjen en te finen.

Ferjouwing?

De bevrijdingsdienst op 19 april 1945 begûn net sûnder konsternaasje. Der siet in NSB-er yn tsjerke. Dat lei op dy dei hiel gevoelich. Ds. Van Gelder wie poer:

En dan heeft ze op dit zinderende hoogtepunt van alle gebeurtenissen het lef om in vol ornaat en opgedoft in onze Bevrijdingsdienst er bij te gaan zitten. Mijn onmiddellijke reactie was voor de hand liggend: er uit met zo iemand en als ze dat niet wil, dan smijt je haar er maar uit. Hetgeen tot tevredenheid van het opgewonden publiek geschiedde.

Mar daliks dêrnei skriuwt Van Gelder yn syn Nachtboek:

Ik was overhaast en heb te laat nagedacht. Ik reageerde niet zoals een christenmens betaamt. De kerk is open voor iedereen, zonder enige uitzondering. Daar mag ik niet aan tornen. Wie zonder zonde is werpe de eerste steen. Ik zal mijn excuses aanbieden. Ik ben ook maar een mens en een wat heet gebakerd exemplaar bovendien.

Hjir komt in wichtich punt oan de oarder. Want hoe geane wy om mei tsjinstanners? En mei minsken dy't 'fout' west hawwe? Van Gelder hie earder preke oer 'goed en fout'. Dat komt ek yn it toanielstik moai oan de oarder. Net elke oranjeklant wie 'goed' en ek net elke NSB-er wie 'fout', hie er sein. Dat hie him nochal wat krityk oplevere. Mar de wrâld bestiet net út swart en wyt, goed en fout allinne. Der sitte tûzend kleuren en gradaasjes tuskenyn. Nei de oarloch wie it feroardieljen lykwols faak ûnbarmhertich. Sels de generaasje fan de bern hat dêr noch altyd in soad lêst fan.

Van Gelder wrakselt dêr bot mei yn syn bevrijdingstoespraak. Hy is oan de iene kant skerp feroardieljend nei de kollaborateurs, 'die plegers van hoogverraad'. Oan de oare kant wol hy beslist net witte fan in Bijltjesdag: 'Wraak is het vergif voor onze ziel. Wij willen leven volgens gerechtigheid en waarheid en niet volgens de bloedhondenmoraal naar Duits model. We laten ons niet meesleuren door de blinde hartstochten van vergelding en wraak'.

Wy wolle yn tsjerke in plak biede foar alle minsken. En wy allegear binne goed en ferkeard tagelyk. Wy binne allegear poerbêste minsken. En tagelyk binne wy somtiden rotsakken en goed ferkeard. Wannear't wy dat witte, kinne wy it ferkearde fan in oar, en fan ússels, ek better akseptearje. En kinne wy minsken, en ússels, de romte jaan om te feroarjen, om it goed te meitsjen. Wy binne ek allegear op ús eigen wize skeint troch it libben. En wy hawwe allegear de tiid nedich om soks te ferwurkjen en om dêrfan te herstellen. Dêrfoar hawwe yn in skûlplak nedich. Dêrfoar meie wy skûlje yn Jorwert. Yn de hope dat God foar ús, op ús eigen wize, in skûle is.

Tabak

Ta beslút noch in wurd oer tabak. Yn it boek en yn it toanielstik spilet tabak in wichtige rol. Kollega Van Gelder koe gjin preken skriuwe sûnder syn poarsje nikotine, sûnder tabak. Geweldich dat der dan it tabaksdoaske is fan in gemeentelid. Dan kin hy op sneon dochs syn heechnedige tabak krije. Want dat wie fansels yn de oarloch min te besetten.

Ik fiel my op dit punt och sa ferbûn mei myn foargonger. Der giet by my gjin preek of taspraak foarby sûnder in goede sigaar. It giet my miskien net sasear om de nikotine, mar om it momint fan rêst en refleksje. In sigaar jout my it gefoel fan 'een momentje voor jezelf'. Mar der spilet mear. Ik kin gjin preek of taspraak betinke efter myn buro. Ik ha de romte fan it lânskip nedich, ik ha waar en wyn nedich om de gedachten op gong te bringen. Ik ha de wyn fan de Geast nedich om my ynsichten te jaan. Ik ha de iepenheid fan de natuer nedich om mysels te iepenjen en de gedachten en wurden te ûntfangen. De sigaar heart derby, makket my bewust fan myn azem, en jout dat ik de azem fan de Geast ûntfange kin. In sigaar is foar my ek it symboal fan it goede libben, it libben dêr't it úteinlik om giet: sûnder striid, sûnder prestaasje, sûnder bodzjen. Mar it ûntfangen fan it goede út Gods hân. Ik wit fansels net hoe't it krekt wurke foar Van Gelder. Sokke gefoelens sille meispile hawwe. Mar it liket by him soms mear op bodzjen yn kombinaasje mei nikotine.

Bêste minsken, ds. Van Gelder hie yn dizze tsjerke fan Jorwert syn skûlplak. Wy hoopje dat dit in skûlplak bliuwe mei en wêze sil foar de minsken fan Jorwert, foar de gemeenteleden fan Westerwert en foar alle gasten dy't hjir komme. Want wy hawwe allegear op syn tiid de feilichheid fan in skûlplak nedich.

*Mag ik dan bij jou schuilen,
als het nergens anders kan?
En als ik moet huilen,
droog jij m'n tranen dan?
Want als ik bij jou mag,
mag jij altijd bij mij.
Kom wanneer je wilt,
ik hou een kamer voor je vrij.*

(piano-ymprovisaasje fan Hindrik van der Meer op it liet fan Claudia de Breij 'Mag ik dan bij jou')

HINNE WAGENAAR
Jorwert, 1 maaie, 2016

(Under de tsjinst lei op de liturgyske tafel in doaske sigaren fan it merk 'de Acht Zaligheden'. Elkenien waard útnoege om nei de kofje in sigaarke te smoken op it hôf as in hommage oan ds. Bas van Gelder. De foto is makke by dy gelegenheid)

**Bevrijdingsdienst
op donderdag 19 april 1945
N.H. Kerk te Jorwerd
o.l.v. ds. B. van Gelder**

GANG VAN DE DIENST

(Alle liederen uit de Nieuwe Bundel)

1. Wijding.
2. Lofzang: Gezang 146.
3. Schriftlezing: a) Leviticus 26 : 3—17. b) Psalm 46.
4. Gebed.
5. Synodale boodschap.
6. Zingen: Psalm 66 : 5 en 6.
7. Toespraak 1e deel.
8. Zingen: Gezang 304.
9. Toespraak 2e deel.
10. Orgelspel.
11. Gebed.
12. Slotzang: Gezang 301 : 1 en 6.
13. Zegen.

Snein, 1 maaie 2016
Gemeente Westerwert
Redbad-tsjerke Jorwert

Muzyk troch Hindrik van der Meer

Wolkom troch de âlderling fan tsjinst

Iepeningsliet: De freugde liedt ús nei dit hûs
 (280: 1, 2, 3, 4)

Bemoediging

Lêzing: Psalm 46

Liet: Komt nu met zang (865)

Lêzing: Leviticus 26: 9-13

Taspraak In skûlplak (1e diel)

Muzyk

Taspraak In skûlplak (2e diel)

Muzyk

Meidielings en kollekte

Gebeden, ôfsletten mei it Us Heit

Slotliet: De freugde liedt ús nei dit hûs
 (280: 5, 6, 7)

It lêste kûplet giet sa:

*Dit hûs slyt lykas wy, mar wa't
hji feilich skûlplak fûn
wurdt bliuwend op syn libbenspaad
wer moed en sterkte jûn.*

Seine